



Lyts Frisia

tydskrift foar fryske striid en literatuer

JIERGONG LIII nûmer 3

septimber 2004

ISSN 0166-6029

Fredich Fryslân

*Fryslân, fredich oard op ierde
mei dyn rûkend hea op 't lân,
mei dyn wide, wide loftten,
weagen, boartsjend lâns it strân.*

*Fryslân, mei dyn kloften fûgels,
blommen, kliffen, fee en bosk,
alles hastû, alles bistû,
ik kom wier fan dy net los.*

*Sels in eigen sprake hastû,
ieuwen âld, mar altyd nij.
Yn dy taal, sa ryk en byldzjend,
Fryslân, besjong en romje ik dy.*

Gepke de Vries (1931)

(Ut: 'As de kouwen iepen gean', 2003)

Samplers: Jan Jongsma, Anneke Jousma en Bertus Postma. Opmaak en technyske fer-
soarging: Piter Dykstra. Redaksje-adres: Tj.H. Haismastrjitte 26, 9251 AV BURGUM. Lid-
maatskip Jongfryske Mienskip ynkl. LYTS FRISIA: 7,50 EURO. Lêsjild LYTS FRISIA: 5,00
EURO. <http://www.lytsfrisia.cjb.net> Giro 1069535 op namme fan skathâlder JFM, Tj.H.
Haismastrjitte 26, 9251 AV BURGUM.

☆ De Koperative Utjouwerij (Q) brocht yn april de tsiende fersebondel fan Bartle Laverman (1948) op 'e merk. De titel is '*Alles komt wer goed*'. De yn Offenwier wenjende Laverman debutearre as dichter yn 1969 mei de bondel '*It freeslik feest*'.

☆ By de KFFB is dizze moanne in debútroman útkommen mei as titel '*Paadsikers*'. De roman is skreaun troch Corrie Boelens fan Ljussens. De debutearjende skriuwster is troud mei de skriuwer Anders Minne Rozendal, fan wa't by de KFFB al fjouwer romans ferskynen.

☆ De Friese Pers Boekerij brocht yn juny de twadde roman fan Koos Tiemersma fan Kollumersweach op 'e merk. Dy hat as titel '*De Mjitte*'. Tiemersma, yn it deistich libben ûnderwizer, debutearre twa jier lyn ferrassend mei de roman '*De Ljedder*'. Dat boek krige poerbêste resinsjes en fan 'e maitiid levere dy roman him de earste Rink van der Velde-priis op.

☆ Durk van der Ploeg (1930) bliuwt tige produktyf. Foar de fakânsje kaam der al wer in mânske nije roman fan him út by de Friese Pers Boekerij. Dy hat as titel '*Sykje nei it lêste hûs*'. It is it ferhaal fan in emigrant dy't nei mear as in heale ieu weromkomt yn Dokkum, de stêd dêr't er opgroeide.

☆ Utjouwerij 'Bornmeer' hat in roman fan Steven Sterk (1958) útbrocht mei as titel '*It regaad yn 'e himel*'. It giet hjir om it roman-debút fan Sterk. Yn 1985 kaam der foar it earst Frysk wurk fan him út: de fersebondel '*Ier wurk*'.

☆ De Fryske Boekeklub KFFB waard yn 1934 oprjochte en bestiet no dus 70 jier. Yn it kader fan dat jubileum wurdt dizze moanne in bibelsk deiboek fan dûmny Doede Wiersma fan Driesum útbrocht mei as titel '*Wekker bliuwe*'. Dat deiboek wurdt oan alle 2700 leden as jubileumkado oanbean.

☆ Yn jannewaris ferskynde by útjouwerij 'Frysk en Frij' de yn dizze rubryk al earder oankundige earste roman fan Willem Schoorstra mei as titel '*Swarte ingels*'. Dy roman is no troch 'Frysk en Frij' ek yn it Hollânsk útbrocht. Schoorstra fersoarge sels de oersetting fan '*Zwarte Engelen*'.

☆ By útjouwerij Querido ferskynde de 167e boektitel fan de yn 1907 yn Feanwâlden berne Theun de Vries. Santich Fryske fersen fan

him binne no bondele en tagelyk yn it Hollânsk oersetten. De titel fan de bondel is dan ek twatalich: *'Alles begjint by de dingen / Alles begint bij de dingen'*. Jabik Veenbaas makke de Hollânske oersettings fan de fersen. Hy wennet yn Amsterdam, ek it wenplak fan de hast 97-jierrige Theun de Vries.

☆ Johannes Oegema fan Sutfen bringt geregeldwei útjeften yn eigen behear op 'e merk. Fan 'e simmer ferskynde it bondeltsje *'Fiskersferhalen'* mei as ûndertitel *'Wiere en minder wiere rymkes, teltsjes en ferhaaltsjes oer it fiskjen yn it boerefrysk'*. Ek kaam *'Famke út de Wâlden'* út. It binne troch Oegema bewurke ferhaaltsjes fan Aukje Mulder (1928-1988) fan Kollumersweach. Beide útjeften binne ferskynd yn de Kantsjeroas-rige as Ja-Jo produksje, in gearwurkingsprojekt fan Jaap Miedema en Johannes Oegema. De útjeften binne te bestellen by Johannes Oegema, Lintelostrijtte 23, 7203 CS Sutfen.

B.J. Postma: **KEALLEPOATEN OP JOUSTER HEREMASTATE (I)**

*"Skarsterlân adverteert weer in het Nederlands." Neffens de foarljochter Piter Klompmakker wol it nei in pear jier fan Fryske advertinsjes net by de gemeente wei, dat dy taal it tal gadingmakers net te'n goede komt. Mar mei sifers kinne wy it net staverje (!,BP). It is suver gevoelsmjittich.*¹

Reden genôch om yn de riedskommisje fan 16 april yn te sprekken om ferwar te dwaan tsjin de ferkearde beliedsferoaring. Dy rekke lykwols fan de wurklist, mar de kommisjefoarsitter frege de griffier Keulen om my yntiids te warskôgjen as it B en W-útstel fannijs op 'e wurklist komme soe. De 14e fan juny soe it wer oangean en op 'en nij oerbetterje. Op myn frage om my op 'e hichte te hâlden wie it griffiersbeskie: "Jo keapje mar in abonnemint op 'e Jouster krante." Op Keulen kin men net oan, ûnder de amtners is de Jouster griffier net

ien fan de fatsoenliksten.

Op 11 desimber fan 2000 wie der in feestke oan it Ljouwerter Willemineplein. Frou mr. Eradus, as foarsitter fan it Hof de heechste rjochter yn ús lân, hie it oer fjouwer ieuwen Frysk. "Se fernuvere har der oer, dat it Frysk nettsjinsteande 'de repressie in al die tijd zo levend is gebleven'." De Hofpresidinte hie it oer ûnderdrukking, oer taalûnderdrukking. Dat wurd falt aanst noch in kear.

Yn de fyftiger jierren baasspile oer it âlde Haskerlân in boargemaster Hoekstra. Hy, 'Wyld

¹Ljouwerter Krante 5-4-2004, side 11.

Wytse' neamd en kontrafrysk yn ieren en sinen, krige de Rie sa fier, dat yn 1956 ús strjitnammen wer ferhollânske waarden. De namme 'Wylde Wytse, falt anst noch in kear.

Yn in oare gemeente sylden B en W mei alle winen: westewyn, dan Fryske personielsadvertinsjes en by eastewyn Hollânsktalige. Mar sûnt de lêste riedsferkiezings hawwe se dêre fêst waar en westewyn en wurde alle advertinsjes wer yn de taal fan ús lân skreaun.

Yn acht gemeenten - Burgum, Drylts, Ferwert, Grou, de Jouwer, Menaam, Wytmarsum en Wommels - skriuwe de kolleezjes har personielsadvertinsjes yn de taal fan ús lân. Sa leverje dy acht in lytse bydrage oan it Frysk as bestjoerstaal en oan Frieze selsbewustwêzen. De acht witte fan mr. Byl syn warskôging út syn jonge jierren as boargemaster yn Stiens: tink derom, mei-inoar kinne wy alles, tsjininoar neat.

"Om foar nimmen in drompel te wêzen wurde personielsadvertinsjes tenei yn it Hollânsk skreaun." Te min folk soe op Fryske advertinsjes skriuwe. O Ja? Hoe witte B en W dat? No! B en W witte it ek net. Miene se dan dat se it witte? Nee hear! B en W miene likemin dat se it witte. As it der op oan komt, leauwe se allinnich mar dat se miene dat se it witte. Mar in boargemaster is gjin dûmny, in wethâlder gjin tsjerkeriedslid, in riedseale gjin tsjerke.

Leauwe te mienen te witten mei gjin grûnslach wêze foar feroaring fan taalbelied. Hollânske advertinsjes yn in gemeente dêr't in lid fan it Berie foar it Frysk boargemasteret, dêr't de boargemaster 'trots op het Fries' is? Dat beart as skuorde klokken.

De ferantwurdlikens foar ús sprake is mienskiplike ferantwurdlikens fan it Provinsjehûs en 27 gemeentehuzen. No is it fan alle tiden en alle kampslaggen, dat guon út it eigen kamp nei it oare oerrinne. It Jouster kolleezje is - en net foar it earst - spultsjebrekker. Ferskate gemeentehuzen steane op har fûneminten te triljen: Us maten op 'e Jouwer binne op 'e flecht foar ús taal, ús Jouster maten hawwe it wurd fan mr. Byl net ferstien, ús Jouster maten binne ús maten net mear.

De Steaten woene hawwe, gemeentehuzen soene spearpunten fan taalbelied wêze. Mar yn dit hûs is gjin sprake fan 'spearpunt', yn dit hûs waret de geast fan Wylde Wytse noch om, yn dit hûs wurdt de taalûnderdrukking fuortset dy't de Hofpresidinte yn 2000 fêststelde.

Dat hie ik earst op 16 april en letter op 14 juny sizze wollen. Mar doe hie al bliken dien, dat it kolleezje skoan sûnder riedsbeslút koe. Yn in mânske advertinsje fan 15,8 x 24,9 sm waard in 'inspirerend schooldirecteur m/v' frege. ²

²Ljouwerter Krante 12-6-2004, Sneon en Snein side 10.

Bern fan Fryslân

Wy sille altyd bern fan Fryslân bliuwe,
wêr't ek ús wegen liede op 'e wrâld.
Wêr't ús de winen en de seeën driuwe,
dit jout ús libben en ús hert syn hâld.

Bern fan de wide, rûne, griene romte,
dêr't bôgjende in blauwe loft oer stiet;
dêr't wolken glide, as de maitiid komt te
ferrizen mei de ljurk syn jubelliet.

Bern fan de feale, grize klaai; dy grûnen,
dy't eltse winter lizze as bestoarn,
mar eltse maaie opnij it libben wûnen
en eltse simmer drage in gouden kroan.

Bern fan de smûke bosken yn 'e Wâlden,
dêr't smelle wegen boartsje ûnder 't beamt'.
De wyn strykt yn in marke stil syn fâlden
en flúst'ret yn de blêden, mearkefrjemd.

Bern fan de marren, dêr't de weagen skomje
en seilen weiwurd' yn ûneinichheid.
Bern fan it Waad, dat driigje kin en gromje
of blinkend as in sulv'ren spegel leit.

Wêr't ús de winen en de seeën driuwe,
dit jout ús libben en ús hert syn hâld:
wy wolle altyd bern fan Fryslân bliuwe,
fier of tichtby, oeral yn hiel de wrâld.

Anne Jousma (1900-1981)

(Ut: 'Samle fersen', 1985)

FOLK FAN SLAVE SIELEN

Us dûmny's en dokters, boargemasters en bestjoerders, se bûge al foar in ientalich bern, amper út de ruften. As sokken al safolle knieren yn de rêch hawwe, mei men fan oaren net fergje, dat se by sa'n pjut rjocht op en del stean bliuwe. Mar der is slimmer. It is slimmer dat wy gjin namme hawwe (alleast gjin ientalige namme). Yn it moderne jargon fan guon gamma's is dan it sizzen, dat wy net witte wa't wy binne. It systeem wol it te uzes sá hawwe: nammeleas libje en net witte.

B.J. Postma

Skilje sikehûs, krante of ferseker-
ering, jo namme hawwe se oan
de oare kant gjin ferlet fan.
"Wat binne jo postkoade- en
hûsnûmers?" Myn beskie is dan:
"9045 PV, 15." Wy hawwe gjin
namme mear, wy binne in nûmer,
in sofy nûmer. De bern krije har-
res al as se noch gjin fjouwer
binne. ³ Skilje de ynspekteur,
jo namme hat er gjin ferlet fan.
"Wat nûmer binne jo?" Myn an-
dert is dan: "401.24.228." Nûmers
binne wy, ús kij en skiep al-
lyk. En salang't wy, slûch en
sleau, kâld en klomsk, dat stil
gewurde litte, sa lang sil it sys-
teem te uzes bestean bliuwe en
ús dat jok oplizze. Goed hûndert
jier hat de Beweging en goed
fjirtich jier hat Frysk-nasjonale
Friezene bewustwêzen en sels-
betrouwen fuortsterkje wollen,
dat ús folk it foarprogrammearre
bûgen en krûpen, as fernederjend

ûndergien, ôfswarre soe.

It Hanfêst foar Minderheidsta-
len gie net alhiel by De Haach lâns
en yn it lêste bestjoersakkoart Taal
en Kultuer kaam te stean: wa't
syn eigen namme werom hawwe
wol, kin dy weromkrije. Sa is
it sûnt 1 jannewaris 2003 regele.
De deputearre makke him al bliid,
der soe gâns flecht op 'e nam-
mekoai komme. Mar de krante
sette der in domper op: "Storm-
loop op Friese namen blijft uit."
⁴ Safier't ik wit, litte upper ten
en fine fleur fan de Beweging
it finaal sitte. De pommeranten
hawwe nammen yn de taal fan
de ientaligen, as wiene se fan dat
folk. Ik moat der net oan tinke.
Sei Sake Saakstra by syn ôfskie
as foarsitter fan it keatsbûn net:
"Mear as in Fries kin in minske
net wurde"? ⁵ En sei hyn-
steman Franke Sloothaak ek net
soks: "Mear as in Fries kinst net
wurde"? ⁶

³Ljouwerter Krante 15-6-1996, side 3.

⁴Ljouwerter Krante 18-10-2003, side 9.

⁵Ljouwerter Krante 17-11-2001, side 11.

⁶Frysk Deiblêd 16-3-2002, Sneinspetiele side 22.

Nammesaken binne fan alle tiden. Julia Capulet koe har Romeo net krije, om't er in Mon- | tague wie. En se fersuchte fol fan wanhope:

*Wat seit in namme? Wat in roaze hjit,
Roek like swiet, al neamden wy har oars.*

My tinkt:

*Wat seit in namme? Wa't in Visscher is,
Wurdt immen oars, as er him Fisker neamt.*

Nammesaken binne fan alle wrâlddielen. It liket yn Afrika net bûtengewoan te wêzen, dat minsken twa foarnammen hawwe. De twadde, by de berte krigen, is de eigen, echte namme. De earste, by de doop krigen, is de kristlike namme. "Jerope hat dêre net allinnich it kristendom brocht, mar it hat dêre ek de westerske kultuer ynfierd (al-teast dat besocht) en safolle mooglik fan de besteande Afrikaanske kultuer ûnderdrukt of ferneatige. Jeropa hat de Afrikaanske nammen, dy't gauris in eigen betsjutting hiene, net erkend, likemin as de betsjutting fan in grut part fan de Afrikaanske kultuer. Dêrom kin it no wol sizze, dat it immen in kristlike namme jûn hat, mar út de troch de swarte minsken | sêls brûkte beneaming fan 'slave-namme' is better op te meitsjen, wat Jeropa yn de rin fan de tiden úthelle hat." ⁷

Binne nammen as Dijkstra, De Graaf, Straatsma, Van der Schaaf, Van der Veen, Zuidema, ensamear, ús fan frijend oplein, ek gjin slavenammen? Binne wy troch de ieuwenlange ûnderdrukking sa fier hinne, dat wy, oars as de swarte minsken yn Afrika, der net iens erch mear yn hawwe? Binne wy sêls as dy 'lokkige slaven dy't de grutste fijannen fan har eigen frijheid binne'? (Yndertiid in tekst op 'e studintebunker oan de Kennedyleane yn Eindhoven) Binne wy sêls in 'folk fan slavesielen'? ⁸

⁷Frysk Deiblêd 22-5-2001, side 2.

⁸Ljouwerter Krante? Kop fan in ynstjoerd stik fan de âld-ryksargivaris en âld-foarsitter fan de FNP, mr. J. Rinzema.

DE EARSTE KEAR

*Ljochtblauwe maitiidsloft stiet oer de stêd
en spgelt blinkend yn it singelswetter,
de domklok ûnderbrekt de stilte mêd,
telt traach de oeren - fredich wurdt it letter.
Ynienen lûkt de himel ticht, in sfear
fan eange trystens leit him oer de strjitte.
Dat ik soks seach, it wie de earste kear
mar 'k sil 't myn hiele libben net ferjitte.*

*In ploechje froulju âld en jong, wat bern,
guon grize manlju noch, dêr giet it hinne,
ferflokt, ferjage en foargoed ferlern
mei't hja in part fan d' âlde naasje binne.
Mei op it boarst de stjer fan d' âlde lear
trêdzje hja swijend 't ûnheil yn 'e mjitte.
Dat ik soks seach, it wie de earste kear
mar 'k sil 't myn hiele libben net ferjitte.*

*Stil stiene wy fansiden, seagen 't oan,
wisten fan inkelden miskien de nammen;
hja trappen fierder, liken hast al stoarn,
de hollen djip foardel oft hja har skammen.
Soldaten raasden, swaaiden mei 't gewear,
woene fan god noch syn gebod mear witte.
Dat ik soks seach, it wie de earste kear
mar 'k sil 't myn hiele libben net ferjitte.*

*O God, komt dizze keppel ea wer thús?
Dat minsken oare minsken sa ferstjitte,
de skuld dêroan leit likegoed by ús
dy't alle ûnrjocht stil gewurde litte;
wy sjogge ta, bestride it net mear,
ús eangstich swijen moat wol leffens hjitte...
Dat ik soks seach, it wie de earste kear
mar 'k sil 't myn hiele libben net ferjitte.*

(Utert, 1943)

Marten Sikkema

'DE EARSTE KEAR' - EN WAT LETTER BARDE

It hjir ôfprinte fers 'De earste kear' haw ik letter skreaun oer eat dat ik yn 1942 meimakke hie; it beskriuwt dat ik foar it earst sjen moast hoe't in keppel joaden ûnder tafersjoch fan Hollânske plysjemannen nei it stasjon brocht waard om nei Poalen ta, sa't it hjitte foar wurk. De joaden waarden ornaris troch Dútske plysjemannen út har huzen helle, soms mei in pleatslik agint om it adres oan te wizen. Dat wie in tryste fertoaning.

Marten Sikkema

Sa haw ik fan tichteby belibbe hoe't in húshâlding: man, frou, in pear bern, meinommen wurde soe. Der waard skille, mar net iepen dien. Doe't hja de doar forsearre hiene, fûnen hja de liken: hja hiene der mei gas in ein oan makke. Elkenien dêr wie oerstjoer. De joaden wie oanret ûnder te dûken, de hiele húshâlding of oars yn elts gefal de bern, mar hja doarsten it net oan...

By de joaden dy't nei it stasjon brocht waarden, wiene ek guon dy't harsels 'frijwillich' oanjûn hiene. Ien dêrfan wie in medysk studint út Arnhim, dy't ûndanks de rie fan kollega's himsels meld hie om't er hope dêrmei syn âlden te rêden, wat fansels gjin risseltaat hie. Der wie al in ûnderdûkplak foar him besprutsen yn Brabân...

Dat de inkelde joaden dy't nei de befrijing werom kamen, faken net al te freonlik ûntfongen waar-

den, is bekend. Joadske famyljes hiene ear't har wenten leechhelle wurde soene, weardefolle spullen by kunde ûnderbrocht. En no ferskynden ynienen guon dy't spullen werom easken. Sa kaam ik yn dy dagen tafallich ris by it gesin fan in ryksamtner dat yn 'e keamer trije prachtige tapiten opinoar oer de flier hie, twa dêrfan ornearre foar de bern as dy selsstannich wenje soene. Mar no waarden dy kleden ynienen werom easke! Hoe't it ôfrûn is, wit ik net, wol dat de tydlike eigners úthoden dat hja dy 'earlik krigen' hiene.

Oaren hiene sieraden, antyk en skilderijen yn bewar en noch wer oaren hiene huzen kocht dy't earst joadsk eigendom wiene. Krekt no't de oarloch oan kant wie en it allegearre wer in bytsje op regel kaam, joech dat werom kommen nije problemen! En dat paste de 'bewarders' alhiel net...

It wie by it stasjon yn Grou op 22 febrewaris 2003, de dei fan de begraffenis fan Teake Hoekema, dat Jan Jongsma my frege om foar 'Lyts Frisia' in pear stikjes te skriuwen oer ús heit. No, jimme sjogge wol wat dêr fan terjochte kommen is. 'k Haw hieltiten op 'e tekst west oer ús famyljelibben sûnder heit ekstra te beljochtsjen.

No kin it wêze, dat jimme sizze: "Dy oanhef kloppet net." Ik bedoel, dat tink ik no sels. It spyt my, mar it falt dochs net ta, al haw ik heit lang meimakke om nijsgjirrige dingen werom te heljen dy't foar de lêzers faaks aardich binne om te witten. Dizze kear sil ik it oer ús heit hawwe!

Sa as jimme witte, wie it skriuwen fan fersen heit syn grutte leafhaww-erij. Dêr wie er al jong mei dwaande en ik tink, dat de kontakten mei de J.F.M. en Douwe Kalma yn it earstoan wol fan ynfloed west hawwe. Der ferskynden al gau fersen fan heit yn 'It Heitelân' en letter jierrenlang regelmjittich yn it literêre tydskrift 'De Tsjerne'. Hy wie dan hiele skoften yn syn studearkeamer mei de doar ticht om dan letter ús mem en doe't wy wat âlder wiene ek ús syn resultaat foar te lêzen.

Oare dagen koe it wêze dat er sei: "Ik moat wat skriuwe, mar it wol net." En dan rûn er ûnrêstich troch it hûs, wist wêr't it oer gean moast, mar de foarm en de wurden kamen noch net troch. En dan mar wer nei it buro yn de studearkeamer.

En dat by al it skoallewurk, want dat die heit mei hert en siel. Hy joech les yn ûnderskate fakken op de MULO hjir yn Den Haach. It gong der serieus, korrekt en ek strang om ta: dus in soad skriftlik wurk, steapels korreksje en dat kaam mei nei hûs. Alle jûnen siet er bergen skriften nei te sjen en siferlisten yn te foljen. Dat fûn er moai wurk, mar it kaam der dan wol op del dat der in soad tiid yn siet. Tsjintwurdich soene se sizze: frije tiid!

Heit wie ek de man dy't toanieljûnen op tou sette en dat wie yn dy tiid, de tritiger jierren, wol wat bysûnders. Hy skreau der ien-akters foar en dan mar repetearje en dat nei skoalletiid fansels. En dan kaam der in útfiering yn de gymnastykseal. Letter krige de skoalle fan de âlderkommisje in echt (toaniel)poadium oanbean. No, rekkenje mar dat heit dêr bliid mei wie en dêr is mei fjoer en oerjefte noch jierren ûnder syn lieding op spile. En dan wie der noch it jierlikse krystspul 'Het oude Verhaal', dêr't ik jimme al earder fan ferteld ha.

Nei de oarloch hat heit noch

in befrijingsspul skreaun mei as titel 'Wij herdenken'. Dat wie elke foarstelling wer in oangripend barren. Ik hear noch de moaie muzyk fan Grieg, bygelyks 'Letzter Frühling'. Bûten it sjongen fan it koar ûnder lieding fan de hear J. Delcour, wie der muzyk op plaat of bânrekôrder. En krekt as by it kryst-spul wer in pear útfierings, ek foar de âlders fan de bern.

It is spitich, dat sa'n befrijingstik net mear spile wurdt. It paste doe krekt yn de tiid en by de bern en de âlders. Wy libje al wer hast sechstich jier letter en de minsken sjogge der oars tsjin oan, mar wy binne noch altiten bliid dat it sa goed foar ús lân ôfrûn is...

Der is hjir yn de gemeente Den Haach ek noch in grut iepenloftspul fan ús heit opfierd, mar dêr bin ik de titel fan kwyt.

Dat skriuwwurk foar de skoalle wie fansels yn it Hollânsk. Mar it measte fan heit syn wurk is útkommen yn it Frysk. Dat wie heit syn taal en hjir yn 'e hûs waard altiten Frysk praat en gjin 'Hooghaarlemmerdijks'. Wy as bern gongen noch wolris oer yn it Hollânsk, mar heit fûn dat it Frysk libben hâlden wurde moast, ek al wennen wy yn in Hollânsktalich fermidden. En it is wol sa, al fiele myn suske en ik ús hjir yn Den Haach goed thús, as wy Frysk hearre, binne wy echt thús! Want dat is de taal fan heit en mem.

Marten Sikkema:

FRYSK YN DE UTFERKEAP

Yn 'Ut de Smidte' fan de Fryske Akademy fan maart 2004 stiet in artikel mei as titel 'Moderne taalnoarm posityf foar lêsbegryp en lêswille'.

"Yn it ûndersyk binne oan 396 learlingen út de groepen 6 en 7 fan 18 Fryske basisskoallen trije Frysktalige teksten foarlein yn trije farianten: ien mei in tradisjonele, ien mei in moderne en ien mei in tuskenlizzende taalnoarm. De learlingen hawwe by elke tekst tsien begrypsfragen beäntwurde en har oardiel jûn oer de 'leukheid' en de 'moeilijkheid' fan it tapaste taalgebrûk. De ûndersochte groep learlingen, dêr't 56 % fan it Nederlânsk as memmetaal hat, is net posityf oer Frysk lêzen. (...) Mei-inoar hat 55 % fan de learlingen in negative hâlding foar it Frysk-lêzen oer."

By it ûndersyk krigen de learlingen trije ferhaaltsjes foarlein. In fragmint út ien dêrfan wurdt de lêzer as foarbyld foarlein, en dat yn trije farianten: tradisjoneel, tuskenfoarm en modern. De tuskenfoarm litte wy hjir mar rêste; wy ferlykje hjir tradisjoneel en modern.

- "... stowe nei hûs" wurdt dan: "drave nei hûs".
- "earne" wurdt "ergens".

-
- "wat is der te rêden" wurdt "wat is der gebeurd".
 - "hawwe jim wat útheefd" wurdt "hawwe jim wat úthelle".
 - "stammeret Ypke" wurdt "stottert Ypke".
 - "tenei" wurdt "fuortoan".
 - "... is soks neat wurdich" wurdt "is soks neat gedaan" /
 - "ôfgryslík skrokken" wurdt "freeslik skrokken".

Hjir wurdt gewoan in stikje taalbedjer as nuttich en dus winsklik oanret. Fansels, sokke dingen wurde troch Friezen wol sein, mar dy moatte no akseptabel wurde. It byldzjende fan de oarspronklike taal giet alhiel ferlern, de kleur giet der ôf, it libben giet der út en it giet hast allegearre rjochting Hollânsk.

Dat Frysktalige bern de tradisjonele tekst net fetsje soene, is net te leauwen; en as dy in wurd net kenne, kinne se dat út it ferbân noch wol opmeitsje; men moat net útgean fan dommens! Wat moatte dy bern dan as hja skielk frjemde spraken leare moatte? Dat 56 % fan de bern Hollânsktalich is en hast likefolle, te witten 55 %, it mier hat oan Fryskflêzen is ek net tafallich!

B.J. Postma: **KEALLEPOATEN OP JOUSTER HEREMASTATE (II)**

Menaam hat syn Schatzenburg, de Jouwer syn Medias. Heal april, wol ik leauwe, hawwe Jouster kolleezje- en riedsleden plus amtners nei Medias west, yn Rûmeenje. Mei dy stêd hawwe de keallepoaten in freonebân, sjoch.

De brânwacht fan Heremastate hie in brânsput oer, alhiel fersliten en ôfskreaun. Frysk-nasjonaal woe dy de Rûmenen ta hawwe. De rie woe lykwols hawwe, de kammeraten út it easten mochten net mei in jelmis ôfsâlte wurde, mei in auto skjûn ynein en op 'e Jouwer oer en tefolle, dy't faaks net iens teplak kaam om't de dûane oan de grins him weromstjoere soe. Dêr kin ik ynkomme: échte freonen komt it

bêste ta, in offer. Dat, hie ik tocht, de rie soe it brânwachtkorps dêrjinsen in gloednige auto tastjoere. De sân CDA'ers en de iene fan de KU witte ommers sa goed fan neistenleafde en de fiif PvdA'ers fan earlik dielen.

It waard in ôfdijer. De sân fan it CDA, de iene KU'er en de fiif fan de PvdA prakkesearren net oer in nije brânsput. Mar se hiene noch in pear net sokke hiele âlde jiske-auto's te stean en it gemeentebestjoer

soe wol sa fatsoenlik wêze om dy ielmisse oan te nimmen en net te sizzen fan 'hâld se mar'. De FNP hie betocht, wat Rûmenen soene bettere diskant útkomme kinne as dat folk hjirwei de auto's brocht. Dy fan Medias soene hjir leare, hoe't se mei it rinnende wurk omgean moasten, eardat se nei in deimannich werôfsetten. "Praktysk besjoen folle bettere en stikken foardieliger," wie de Frysk-nasjonale Lútsen Jongema fan betinken.⁹ Mar it gie oars, guon keallepoaten wiene oan fakânsje ta.

Fjouwer man op 'e beide jiske-auto's en in part fan kolleezje en rie út alle fraksjes wei op dy fan de FNP nei - der foar of der efteroan. En alle bestjoerders en riedslju hawwe in ridlik part fan de kosten sêls betelle, skreau de boargemaster neitiid yn in Hollânsktalich ynstjoerd stikje.¹⁰ Dat 'ridlike part fan de kosten' moat minder west hawwe as de 80 belanghawwenden neat fan witte wollen hiene. It oare sil út it Jouster rip kommen wêze, dat de gewoane minsken fan Skarsterlân fan en ta wer folmeitsje moatte.

"Ho ris," skreau de boargemaster, lid of âldlid fan it Berie foar it Frysk, "ienris yn de fjouwer jier giet de rie deropút. Us gemeentehûs hat ynternasjonale bannen mei oare en dêr sitte plichten oan fêst." Se sille der moai wis in potsje foar hawwe, en dêr die de VVD-

wethâlder fan jildsaken - partijmaat en kollega fan de minister Zalm - in raam op doe't guon nei Medias ta woene op fakânsje. ('Op wurkfakânsje' neamde Jongema it alderfatsoenlikst.) Yn it ramt fan it nije, twaliddige bestjoersmodel - iepen en trochsichtich foar alle minsken - is in ridlike frage, hoefolle oft de wethâlder Van Beek der út krige.

Yn de Twadde Keamer wie it lêstendeis ek sa'n spultsje. De leden fan de fêste kommisje foar útlânske saken namen gauris har oare helten mei op reis en gauris lieten se de kosten fan Y.M.F., Wrâldbank en Navo, en sawathinne betelje. No binne se dêre yn De Haach sa fier, dat de houliksmaten net mear meigeane, en no is Zalm sa fier, dat er de keamerleden har reizen sêls betelje litte wol. (¹¹ en ¹²) Se kinne op Heremastate noch ien en oar fan Zalm leare.

Foar de beide jiske-auto's moasten oare komme, dêr wiene reden foar. Mar wat paste it moai, dat se se yn Medias wol brûke koene. De boargemaster, wer yn de sprake fan ymport en allochtoan: "Wij geven zo echter steun aan de inzameling van vuil en daarmee aan een schone en dus gezondere stad." Boargemaster kin moai skriuwe, moaier as de werklikheid. Want yn dy werklikheid wie gjin sprake fan in offer, fan in rynske jefte oan de Rûmeenske bruorren. Heremastate hie de jiske-

⁹Lútsen Jongema: 'Wy dogge net mei...', ynstjoerd stik yn de Jouster Krante fan 21-4-2004.

¹⁰Bert Kuiper: 'Wy dogge net mei', ynstjoerd stik yn de Jouster Krante fan 28-4-2004.

¹¹Ljouwerter Krante 11-5-2004, side 5.

¹²Frysk Deiblêd 15-5-2004, side 3.

auto's oer, en dy dan wei te jaan wie net wat om wakkere grutsk op te wêzen en mei te pronkjen. Foar de keallepoaten wiene se net mear as in jelmis, dêr't de kammeraten fan Medias oars wol útskroevene bliid

mei hearden te wêzen en dêr't se wol tûzenris 'tanke wol' foar hearden te sizzen. Alle kearen dat iksels wat weijouw dêr't ik neat mear mei kin, is myn sizzen: "En no gjin 'tanke wol' sizze."

B.J. Postma: **KEALLEPOATEN OP JOUSTER HEREMASTATE (III)**

*Fierwei de measte keallepoaten yn de riedseale bearden, dat it Frysk-nasjonale riedslid Jongema har de pest ynjage hie. Hy hie skreaun: 1. kolleezje-en riedsleden hiene nei har sustergemeente yn Rûmeenje op fakânsje west; 2. dy hiene de belestingbetellers foar in part fan de kosten opdraaie litten; 3. it wie yn de tiid fan besunigjen en ferhege USB; 4. skande!*¹³

Dêr kaam gâns kommentaar op, mar de feiten wiene net te wjerlizzen en de Jouster krante wie ôfdwaande garânsje foar it nivo fan de skriuwerij. Yn sa'n gefal hearre tsjinstanners - teanewâders en minder folk - har earst nochris efter de earen te klauwen om dêrnei fanwegen te kommen en de skriuwer lytsman te meitsjen.

Earst de boargemaster mar. Dy, in earsten klauwer oars en hiele dagen 'drok yn roeren om oarmans dwaan te stjoeren', hie it him net oan tiid dien om Jongema goed te lêzen: "Dat (dat boargers foar it útstapke ta de ponge moasten, BP) leit ús winliken wol swier op 'e mage yn in tiid fan besunigjen en ferheegjen fan OZB," hie de FNP-man skreaun. Mar yn stee dat de boargemaster Jongema in as-

piryntsje joech, naam er him op it harspit en ferdraaide er dy syn pine en syn wierheid: "Door in dit kader - fan de 'wurkfakânsje' nei de Rûmeenske kammeraten ta, BP - een relatie te leggen met bezuinigingen en de OZB-verhoging brengt de heer Jongema zijn collega-raadsleden (...) op een zeer onheuse manier in discredit." ¹⁴

Lykwols die Jongema yn de hjir boppe oanhelle sin de krantlêzers neat oars te witten as dat hy en it gemeentehûs yn dyselde snuorje krompen fan 'e pine; hysels fan syn pine yn 't liif, Heremastate fan dy syn pine yn 'e knip. De boargemaster lei wat yn Jongema syn brief (ferbân, relaasje) dat der net yn stie, mar dat er him wol oanwreau om dêr dan oer stroffelje te kinnen. It wie oars net sa'n foarnaam keunstke,

¹³Lútsen Jongema, 'Wy dogge net mei', ynstjoerd stik yn de Jouster Krante fan 21-4-2004.

¹⁴Bert Kuiper, 'Wy dogge net mei', ynstjoerd stik yn de Jouster Krante fan 28-4-2004.

mar wol in och sa bekenden-ien.

It kolleezje oan bar. Yn deselde krante en ûnder deselde kop, 'Wy dogge net mei', skreaune de wethâlders hast itselde stik as de boargemaster synt: "Tenslotte legt de hear Jongema (...) de relatie met bezuinigingen en de OZB-verhoging, waardoor het college, de raadsleden (...) op een onheuse manier in discredit worden gebracht." ¹⁵

Hiene de wethâlders by de boargemaster ôfsjoen? Hie ik se yn 'e klasse hân, dan wiene se mei in trije nei hûs ta stjoerd. De kolleezjeleden, wol fan de folksfertsjintwurdigers keazen, lieten mei har taal net skine, dat se fan it folk wiene en faaks wiene se it ek net.

Jongema hie it fansels net ferbean wurde kinnen om as folksfertsjintwurdiger oan de kant fan de minsken te stean, dy't opstrûpten foar in part fan de kosten fan it útstapke. Mei wat yn- en útliskunde hie de boargemaster en hiene de wethâlders de mooglikheid foar de rie skepen, om Frysk-nasjonaal op 'e teannen te wâdzjen. Se hiene de bal foar de riedsleden al op 'e alve meter-stip klearlein. Mei har santjinnen giene de 'folksfertsjintwurdigers' nei de Ljouwerter Eastersingel ta. Freark Smink-en-dy soene har leare, hoe't se it hawwe moasten om te bearen, dat se: 1. berabbe wiene; 2. in mes yn de rêch

krigen hiene; 3. de triennen amper keare koene; 4. har sels net mear yn 'e macht hiene. De riedsleden, fan harsels al heale komeedzjespylsters en spylders, hiene alle keunstkes nei in pear lessen ûnder de slach.

It tredde bestjoersorgaan hold de 28ste fan april rekkendei. Nei't ús santjintal de lêzersbrieven fan de boargemaster en har eigen wethâlders lêzen hiene, fierden de spylsters en spylders, besiele en mei koppen as fjoer, eigen opgong en Jongema's ûndergong op. Se hiene it wurdboek neisjoen op wurden dy't se as wapens brûke koene: 'skande', 'oantaast', 'tenei komme', 'folksferlakkerij' en 'abslute rabberij', ensamear.

De krante fan de oare deis skreau mei grutte letters yn in kop oer seis kolommen: "Laster, woede en trillende stemmen in raad Skarsterlân." ¹⁶ De boargemaster en syn wethâlders belibben der in bulte wille oan. Klaas Jansma bedoar dy eins wer wat, hy hie de gek mei de Jouster kluchtmakkers: "Snoepreisje? Helemaal geen snoepreisje, brieste de een (...) Samenwerking, brulde een ander. We betalen zelf onze verzekering, zuchtte een derde met zuinige blik (...) Jongema had gelijk." ¹⁷

Der stie gjin ferkeard wurd yn Jongema syn 'Wy dogge net mei'. Efternei besjoen hie it faaks better west om mei it nivo fan de

¹⁵College Skarsterlân, 'Wy dogge net mei', ynstjoerd stik yn de Jouster Krante fan 28-4-2004.

¹⁶Ljouwerter Krante, 29-4-2004 side 1.

¹⁷Klaas Jansma, 'Lekker rustig', Frysk Deiblêd, 8-5-2004 side 8.

riedsmearheid te rekkenjen, en om te betinken dat de sân kristendemokraten en de iene fan de kristen-uny, oars fierhinne frij fan sünden, wier-wier de earste stienen net yn de skoudertassen en broeksbûsen hâlde soene.

Jouster Heremastate begjint wat

op ús Menamer Dyksterbuorren te lykjen. Us Skatzenburg-riedsleden binne al begûn te skellen, mei it wêze, dat se dat nei de riedsgearkomste fan 27 maaie yn de Black Horse diene, rjocht foar it gemeentehûs oer.

NIJ UNDERKOMMEN FOAR AFUK EN IT FRYSKE BOEK

Yn ferbân mei de komst fan de Pop-akademy yn it Fryslânhûs moasten de Afûk en It Fryske Boek dat pân ferline jier ferlitte. De beide ynstellings krigen tydlik in plakje yn it gebou fan de eardere Hannelsprinterij oan de Celsiuswei. Mei yngong fan maaie koe it definitive ûnderkommen yn gebrûk nommen wurde yn it gebou fan TRESOAR. Begin juny waard dêr ek de nije boek- en taalwinkel fan de Afûk iepene. It adres fan beide ynstellings is: Bûterhoeke 3, 8911 DH Ljouwert.

Foar de folgjende nûmers fan 'Lyts Frisia' binne wy op syk nei minsken dy't belangeleas ris in stikje skriuwe wolle. Wy tinke dan benammen oan bydragen op it mêd fan taalkunde, literatuer, skiednis, Frysk ûnderwiis en Fryske striid. 'Lyts Frisia' ferskynt fjouwer kear jiers. Foar it desimbernûmer moat de kopij binne wêze foar 15 oktober en foar it maartnûmer foar 15 jannewaris. Kopij opstjoere nei: Redaksje 'Lyts Frisia', Tj.H. Haismastrjitte 26, 9251 AV Burgum.

LIDMAATSKIPS- EN LESJILD. Foar de leden en lêzers dy't foar it jier 2004 noch net betelle hawwe, is in strypke ynsletten. Graach it lidmaatskipsjild (7,50 euro) of it lêsjild (5 euro) sa gau mooglik oermeitsje op giro 1069535 op namme fan: SKATHALDER FAN DE JONGFRYSKE MIENSKIP, Tj. H. Haismastrjitte 26, 9251 AV Burgum. (Brûk net de ôfkoarting JFM, want benammen RABO-bankrekkenhâlders krije dan gau ris berjocht, dat dy namme net by it giro-rekkennûmer past en dat it jild dus net oermakke wurde kin.)